

# Skoalmodellen fergelike op útkomsten

"As individue gebrekkige taalopleiding ontvang, sal die gemeenskap taalarm wees" <sup>1)</sup>).

Tom Dijkstra en Sytze Hiemstra ha it harsels net maklik makke. Yn it ramt fan har stúdzje foar peda m.û-B ha hja it oandoarst en kies foar har mienskiplik wurkstik de titel

"Schooltypen en interferentieproblematiek bij van huis uit friestalige kinderen" <sup>2)</sup>).

De opset wie bern fan twatalige en fan ientalige skoallen te befreegjen nei Hollânske ynslûpsels yn har Frysk. De skriuwers ha har tige beheind yn dy opset. Hja ha sels de ynterferinsjetoets opsteld foar de bern. Hja ha bynoar garre en ferwurke wat de bern oanjûgen. Hja ha de ûnderwizers frege nei har ûnderwiiswensten. Hja ha ynformaasje jûn foar de takomst fan ús ûnderwiis.

## 1. In beheinde opset

In beheinde opset hâldt beslist net yn, dat men al rillegau klar is. It is oarsom. Mei in fariant op 'e bierology kin der sein wurde: "Beheining is masterskip".

Om te begjinnen ha de skriuwers har beheind ta 22 skoallen fan it fryskpratende plattelân, mar dy binne dan ek sa keazen, dat hja in ferantwurde ôfspiegeling jouwe fan it hiele frysktalige plattelân. Dêrby ha hja wol acht slein op iepenbiere (9) en bisûndere (13) skoallen, mar dat fierder net yn har ûndersyk bihelle. Likemin hat taalferskil tusken de 341 famkes en de 352 jonges meispile. Allinne de bern út de heechste beide klassen fan 'e legere skoalle binne befrege en mei har yntellektuele prestaasjes is gjin rekken hâlden. Mei sin binne der bern bûten it ûndersyk hâlden: as hja minder as trije jier hjir op skoalle wiene, as hja nei eigen betinken thús gjin Frysk praten en as de húshâlding in hegere sosiaal-ekonomyske steat hie. Dat lêste liket op't heden wat nuver, mar

as dy weilitten wurde, dan bliuwe boeren, arbeiders en middenstanners oer en dy ha, ek neffens Johan Wijnstra syn dissertaasje, yn dit fermidden net folle sosiaal taalferskil.

## 2. De toets


De toets neame hja sels in Morfologyske Ynterferinsje Toets, of M.Y.T.-I. In ynterferinsje ûntstiet as twataligen har beide talen trochinoar grieme. Dy't seit fan "u" ynpleats fan "jo", slacht in flater as in ko. Dat jildt dan foar it Frysk, mar ús Frysk hat likegoed ynfloed op ús Hollânsk: Bokwerd tilt der fan op.

De skriuwers beheine har ta de morfologyske ynslûpsels mei goed ferskil yn de foarm tusken de wurdpearen, bygelyks skries-grutto, muoike-tante, boppe-boven. Alle oare soarten fan ynterferinsje bliuwe bûten dit ûndersyk.

Hoe komme se no oan sokke wurdpearen, dy't yn de foarm sa folle ferskille en dêr't de Hollânske foarm likegoed dochs yn it Frysk spraakgebrûk ynkringt? Dêrfoar ha de skriuwers twa standertwurken op it gebiet fan it taaleigen neipluze: D. A. Tamminga syn "Op 'e taalhelling" en J. K. Dijkstra syn "Op it aljemint". Alle faktaal en ek oare wurden, dy't te fier fan it taalgebrûk fan it bern ôfstiene, binne weilitten. En dan is it noch net sa maklik om te beslissen oer de fraach: Is in wurd fan Hollânsk komôf noch in hollannisme (net ien sil yn it Frysk noch fan "sleutel" skriuwe, as er "kaai" bedoelt), of is it al gewoan folkseigen wurden, lykas it wurd "froeger".

Der binne fjirtich wurdpearen útkommen, dy't nei goed ôfwagen, útprebearjen en bystellen de bern foarlêzen wurde mei de fraach: "Hoe soesto it sizze?" De bern koene kieze út trije mooglikheden: ik sis it hast altyd — ik wit wol wat it betsjut, mar ik brûk it net — dêr haw ik noch noait fan heard.

Hja hoegden gjin Frysk te skriuwen en frijwol net te lêzen, ek allinne in rûntsje folmeitsje wie genôch. De



Sytze T. Hiemstra

proeflieders liezen de bern stikje foar stikje foar. Dat wiene 24 studinten út 'e tredde klas fan 'e kristlike P.A. te Snits, dy't harsels hjirfoar opjûn hiene en doe goed taret waarden op har wurk.

Neffens âld evangelysk resept reizgen hja twa by twa nei de skoallen en dêr moasten hja harsels hielendal rêdde. In pracht fan in foarmingkâns.

De mearkarfragen hiene tagelyk foar, dat de anderten hânsum en objektyf teld wurde koene neitiid.

Dizze M.Y.T.-I doelde op it aktive taalgebrûk fan 'e bern. Foar it better oanslaan fan 'e toets en ek om de betsjutting goed dúdlik útkomme te litten, wiene de kearnwurden sa yn it ferbân set, dat de bern de hiele toets ûndergean koene as "It ferhaal fan Jan en Klaas".

Dêrnjonken woene de skriuwers ek wat materiaal ha oer passyf taalgebrûk en sadwaande moasten de bern yn 'e M.Y.T.-II by tsien hollannismen ynfolje wat har dêr fan tocht. As it by har gjin goed Frysk wie, dan waard hjir wol frege om de Fryske foarm op te skriuwen, al waard dêrby fansels net nei de stavering sjoen. Nei safolle soarchsume tarieding is men dan no benijd nei de útkomsten.

## 3. Wat sizze de bern?

Neffens geef wittenskiplik fetisjisme ha de skriuwers al fan te foaren hypothesen opsteld en ek fan te

# an Frysk ûnderwiis

foaren mei harsels en de lêzer ôfpraat hoe't de sifers wêze moatte as dy ûnderstellingen aanst nei it ûndersyk foar wier oanmurken wurde kinne of achte wurde net op te gean. De 22 skoallen wiene útsocht mei it each op twa yndielingen. Ien wie dy yn ientalige skoallen (it Frysk net op skoalle of allinne as fak) en twatalige skoallen (it Frysk fiertaal yn 'e legere klassen). It oare yndielingsbegjinsel wie: skoallen út lytse doarpen (mei minder as twatûzen ynwenners) en guon út gruttere doarpen.

Doe't alles syn beslach krigen hie en de sifermasines yn Grins folop draaid hiene, doe kaam der dan binnen it ramt fan dit ûndersyk út:

- By it brûken fan hollannismen is it ferskil tusken bern fan twatalige en fan ientalige skoallen net oantoand.
- By de kennis fan guon Fryske wurden komme bern fan twatalige skoallen der better foar wei as dy fan ientalige.
- By it weromkennen en ferbetterjen fan hollannismen is it ferskil tusken bern fan twatalige en fan ientalige skoallen net oantoand.
- Bern fan skoallen út gruttere doarpen ha mear hollannismen as dy út lytse doarpen (fan ûnder de twatûzen ynwenners).

Dat is yn in pear rigels myn bekoarting fan wat de skriuwers uterst krekt en hoeden fêstlizze yn side 69 oant en mei 71 fan har wurkstik. Hja binne tûk skoalmaster genôch en freegje harsels ôf wat dizze feiten no ynhâlde.

Jouwe twatalige skoallen te min omtinken oan ynterferinsjes (hollannismen)? Of wurdt der wol mei rekkene, mar helpt it net genôch foar it taalgebrûk fan de bern? Of is de taalmacht fan it Hollânsk bûten de skoalle har by dizze wurkwize oermânsk?


As de ynfloed fan it skoalmodel op himsels net of te min beskiedend is oer it taalgebrûk fan 'e bern, kinne wy dan ek sykje nei kwaliteitsynfloeden yn elk fan beide modellen, dy't wol fertuten dogge?

Wat is de ferhâlding tusken wat witte oer taal, tusken passyf en tusken aktyf

taalgebrûk. Soe it tekoart yn it weromkennen en it ferbetterjen fan hollannismen ek makliker te ferhelpen wêze as it mijen dêrfan yn it taalgebrûk fan 'e bern? Ek goed ûndersyk smyt nije fragen op. Lit ús ris sjen oft de ûnderwizers ek helpe kinne by it beanderjen fan dy nije fragen.

#### 4. Wat komt der út de fraachlist oer ûnderwiiswensten?

De skriuwers ha har hjir *net* beheind ta it formele op de wet basearre ferskil tusken de ien- en de twatalige skoallen. It is wol dúdlik, dat der by elk model goede en hiel goede skoallen binne. (Minne skoallen besteane der foar safier't ik wit net). Dêrom ha de skriuwers ek in fraachlist stjoerd oan alle 87 personielsleden fan har 22 skoallen. Dy kamen frijwol allegearre ynfolle (97%) werom en doe is besocht mei dat ark yn 'e hannen om ek oare ynfloeden op ús ûnderwiis nei te gean as allinne dy fan it wetlike ferskil tusken it ien- en twatalich model.



Th. Dijkstra

Nei de romte fan sifers formulearje de skriuwers tige hoeden har konklúzjes. Yn dit bestek moat it koarter om 'e hoeke, mar ik hoopje de skriuwers net te koart te dwaan. Wat tusken heakjes stiet is kommentaar fan my.

- de personielen fan de twatalige skoallen (tenei S2) ha in positiver hâlding foar it Frysk oer as dy fan

de ientalige (S1). Is hjir by de S2 sprake fan in bekearing foar of nei de sollicitaasje?

- op de S2 wurdt mear tiid bestege oan it Frysk as fak. Yn de lytse doarpen jout in fiks heger persintaasje ûnderwizers Frysk as op de gruttere en dat jildt foar beide modellen. (By in twa-mansskoalle binne jo fansels gau op 50%). Yn de S1 op de grutte doarpen jouwe 17 fan de 24 learkrêften (70.8%) gjin Frysk. (Gjin niget dat de weroplieding sa'n klanten kriget, no't 1980 tichterby komt).
- yn de heechste klassen fan de S2 liket it Frysk faker fiertaal as yn dy fan de S1. (Dat mocht wetlik pas mei weromwurkjende krêft fan 1 jan. '75 ôf. Oft wy hjir ek foarlik binne! Guon wetten wurkje hjir blykber noch fierder werom).
- yn de heechste klassen fan de S2 is minder tolerânsje foar it Frysk praten ûnder skoaltiid as by de S1. Dat wie Johan Wijnstra syn betinken ek al.
- op de S2 is mear omtinken foar ynterferinsjeproblemen as op de S1. Meastentiids wurdt dat socht yn it goede foarbyld fan de ûnderwizer en it ferbetterjen fan ynslûpsels by bern. Mar der komme ek oare wurkfoarmen foar, by de S2 mear en mei mear ferskaat as by de S1.
- de taalmacht fan it Hollânsk liket tige grut op de S1 yn de grutte doarpen.
- de personielen fan beide modellen ûntrinne inoar net folle wat it ferstean en praten fan it Frysk oanbelanget, de skriuwfeardigens is by de S2 fiks better.
- yn beide modellen binne de ûnderwizers almeast tsjin op ynterferinsjes, likegoed yn it Frysk as yn it Hollânsk. Guon hâlde der in dûbele taalmoraal op nei, yn it Frysk hindert it dan neat; dat lêste komt it minst foar yn de lytse doarpen, en dêrfan wer yn de S2.
- yn beide modellen is der yn it algemien gjin tsjinsin yn it jaen fan Frysk, mar der wurdt noch alris as

beswier neamd, dat men sels it Frysk net goed yn 'e macht hat.

- by Fryske les kriget it lêzen it bêst syn gerak; it skriuwen komt der net bêst foarwei; op de S1 yn 'e grutte doarpen hat it skriuwen praktysk gjin funksje.
- yn beide modellen fiele trije fjirdepart fan 'e ûnderwizers har wol ferantwurdlik foar it oerdragen fan it Frysk as kultuergoed.

##### 5. Wat seit it ûndersyk ús foar de takomst?

De skriuwers ha dit lêste punt net as apart haadstik opnommen, mar sa hjir en dêr sitte der wol oanwizingen yn. Soms sprekke se dy út, mar gauris litte se de fierdere konklúzjes oer oan de lêzers. En dêr ha se dan ek gelyk oan, want soks past yn dit wurkstik net.

Wat hjirûnder stiet, mei de skriuwers dan ek net oanrekkene wurde, ek al hoopje ik, dat se der yn meigean kinne, dat it yn logysk ferbân stiet mei har wurkstik.

- a. Op de skoallen yn Fryslân is de funksje fan it Frysk te lyts.
- b. It twatalige skoalmodel hat yn dit stik fan saken wat foar op it ientalige.
- c. It werkennen en ferbetterjen fan ynterferinsjes moat mear omtinken ha, yn in grutter ferskaat fan wurkfoarmen en learaktiviteiten.
- d. Dy kennis moat ek produktyf makke wurde foar it eigen taalgebrûk fan de bern.
- e. Dêrfoar kin it Frysk as fiertaal ek by oare fakken net mist wurde.
- f. It Frysk sit te folle yn de sfear fan in (les)oerke yn de heechste klassen.  
Sil der fan ferantwurde ûnderwiis sprake wêze, dan moat it yn alle klassen yntegrearre wurde yn it ûnderwiis. Mei yn alle gefallen foar de frysktalige bern ek kânsen op it skriftlik behearskjen fan har taal.
- g. By de (wer)oplieding fan ûnderwizers is der behalven fan taalkennis (om eigen ûnwissens en de flaters fan de bern te ferhelpen) noch wol sa folle ferlet fan oefening yn taalgebrûk.

- h. It Frysk ûnderwiis komt better ta syn rjocht as it oanslacht yn it direkte fermidden fan it bern.
- i. Yn grutter doarpen like de taalmacht fan it Hollânsk al tige grut te wêzen.

Soe der yn dit ferbân gjin ferlet wêze fan in yntegraal beliedsplan, dat útgiet fan de regionale identiteit fan Fryslân? Dêrop basearre moatte ekonomyske, sosiale en kulturele faktoaren in lykwaardige ynbring ha foar it fuortbestean en de útbou fan de Fryske taal en kultuer. Ryk en provinsje sille dan beide stean moatte foar in taalplanning, dy't past yn sa'n yntegraal belied.

Sûnt Johan Wijnstra syn dissertaasje sil nimmen mear noed ha oer it Hollânsk op 'e skoallen yn Fryslân. Wat der no wankt, dat is wittenskiplik ûnderwiis nei de kwaliteit fan it Frysk op skoalle mei in dêrop ôfstelde didaktyske planning. Dizze beide skriuwers ha dêr in knappe bydrage ta levere.

Kr. Boelens

- 1) It motto is út in taspraak fan dr. A. L. Kotzee, foarsitter fan de Raad vir Geesteswetenskaplike Navorsing foar de fjirde Nasionale Konferinsje oer Modern Taalûnderwiis yn Súd-Afrika. 1976.
- 2) Th. Dijkstra en S. T. Hiemstra, Schooltypen en interferentieproblematiek bij van huis uit friestalige kinderen. Een toetsingsonderzoek naar de invloed van de taligheid van de school op het vóórkomen van morfologische interferenties bij van huis uit friestalige kinderen op het homogeene friestalige platteland. Maart 1977.